Ried fan de Fryske Beweging

Keetwaltje 1
8921 EW Ljouwert
058 2138913
www.fryskebeweging.nl
Renze W. Valk (Skriuwer)
058 2883259
rwvalk@chello.nl

Oan: De leden fan it foarum op de diskusjejûn
op freed 27 oktober yn *De Bres* te Ljouwert

Ljouwert, 25 oktober 2006

Achte foarumleden,

Hjirby lykas tasein de stellings dy't foarsafier't it om 'e tiid mooglik is, freed foar it skoft oan 'e oarder komme sille.

Mei freonlike groetnisse,

Renze Valk, skriuwer

Stellings op 27 oktober

1. Wat stiet der yn jo partijprogramma oangeande it Frysk en hokker konkrete doelen wol jo partij yn de kommende fjouwer jier mei it Frysk berikke?

2. Wat is jimme partij fan doel om te dwaan mei de oanbefellings fan it 'Committee of Experts'? Dy binne yn 'Den Haag' noch net botte serieus nommen. De ûndertekening fan it Hânfêst hat dêrtroch oant no ta te min opsmiten.

Taljochting: It Ryk hat de ynstelling saken nei legere oerheden ôfskowe te wollen en him te beroppen op de autonomy fan dy oerheden, de organisaasjes en de ynstellings, mar it 'Committee of Experts' wiist der tige dúdlik op dat it Ryk de earstferantwurdlike is en him net oan de ferantwurdlikens ûntlûke mei.

3. Fryslân sil fanwegen syn taal en kultuer in 'status aparte' hawwe moatte. It provinsjebestjoer moat de folsleine sizzenskip hawwe oer ûnderwiis en kultuer.

Taljochting: Omdat dizze jûn oer it Frysk giet, litte wy oare saken bûten beskôging. Mei 'status aparte' bedoele wy dat de provinsje sels it belied oer ûnderwiis en kultuer hat en sels de beskikbere middels ompartet. Soks past yn it desintralisaasjebelied fan it Ryk.

4. Wol it Frysk in folweardich plak krije, dan sil yn Fryslân it Frysk de earste taal yn alle maatskiplik ferkear (ûnderwiis, soarch en bedriuwen) wurde moatte. Us partij makket him dêr yn de kommende regearperioade hurd foar.

Taljochting: Yn 'Fan Geunst nei Rjocht' is útgien fan lykweardigens en lykberjochtiging. Dat hat ta gefolch hân dat it Frysk der amper op foarút gien is. Wurdt it net tiid om yn Fryslân út te gean fan Frysk as earste taal: positive diskriminaasje. No binne der noch soarchynstellings dy't it Frysk ferbiede.

5. Omrop Fryslân kriget yn de folgjende regearperioade op grûn fan it Frysk as twadde rykstaal safollemiddels dat er de hiele dei in folsleine en alsidige programmearring realisearje kin (punt 5.1 en 5.5 BFTK). De oerheid soarget dat der in oplieding foar Fryske tv- en radiosjoernalistyk komt (keppelje oan de Fryske Akademy?).

6. De yndividuele rjochten fan de Friezen sille op koarte termyn regele wurde moatte yn in taalwet.

Taljochting: De rjochten fan de yndividuen binnen de domeinen sille yn de folgjende regearperioade fêstlein wurde moatte. Troch de grutte autonomy fan de privatisearre ynstellings is it probleem dat der net oanjûn wurdt wat de yndividuele rjochten binne. De wurknimmer doart net foar it Frysk op te kommen fanwegen driigjend ûntslach. Der moat dan ek tige eksplisyt oanjûn wurde wat de yndividuele rjochten binne. Op it stuit binne der by de oerheden regelings foar it brûken fan it Frysk. In brief yn it Frysk oan de Provinsje wurdt bygelyks beändere yn it Frysk. Yn guon gemeenten jildt itselde. Oars leit it by de ynstellings foar wolwêzen en soarch. Dêr jildt yn guon gefallen dat allinne Nederlânsk de fiertaal is c.q. wêze mei. Wat yn de Awb (Algemiene wet bestjoersrjocht) stiet, jildt foar de oerheid. Foar de semy-oerheidsorganisaasjes en foar de ynstellings foar bygelyks de soarch en it wolwêzen is neat regele. Yn it troch it Ryk ûndertekene Europeesk Hânfêst hat it Ryk him ferplichte om him te fersetten tsjin it ferbieden fan it brûken fan it Frysk. It Ryk ferplichtet him derfoar yn te stean dat bygelyks soarchynstellings ferplichte binne de minsken yn har eigen taal op te fangen en te behandeljen. It 'Committee of Experts' hat der nochris dúdlik op wiisd dat dit primêr de ferantwurdlikheid fan it Ryk is en dat ynstellings har oan dy regeljouwing hâlde moatte. De autonomy is by guon organisaasjes en ynstellings hillich, mar net by de ynboargering fan bûtenlanners. Jildt soks dan ek net foar it Frysk (sjoch stelling 7)?

7. Ynkommers yn Fryslân wurde ferplichte om it Frysk op syn minst ferstean en lêze te kinnen. De oerheid biedt har dêr in kursus foar oan. De oerheid beleannet dy minsken as sy it Frysk nei ferrin fan tiid ek prate en skriuwe kinne.

8. De oerheid (Ryk en provinsje) set út ein mei in aksje fan op syn minst tsien jier om de kwaliteit fan it Frysk te ferbetterjen.

9. Skaalfergrutting troch fúzje fan de noardlike provinsjes is skealik foar it Frysk en mei dêrom net trochgean. Yn it hânfêst 7.1b stiet oanjûn dat Fryslân in bestjoerlike ienheid bliuwe moat.